

| | | |
|---|---|---|
| Gearkomste | : | |
| Wurklistnûmer | : | |
| Beliedsprogramma | : | Ekonomy |
| Ôfdieling | : | Kennis & Ekonomy |
| Behanneljend amtner | : | M.D. Ledegang en E. de Vries |
| Tastel | : | 5947 en 5972 |
| Registraasjenûmer | : | 968487 |
| Primêr nûmer | : | |
| Ûnderwerp | : | Realisaasje Frysk Top Level Domein (.frl-ekstinsje) |
| Taheakke | : | Mei-inoar binne der 5 taheakken: <ul style="list-style-type: none">• Taheakke 1: Rapport 'Haalbaarheidsonderzoek .frl Top Level Domein'• Taheakke 2: Businessplan 'Verwerving en exploitatie .frl Top Level Domein'• Taheakke 3: Reactie van de Dienst op de bevindingen van de NOM• Taheakke 4: Begrotingswijziging• Taheakke 5: Tekst amendement inzake Fries Top Level Domein |
| Oanlieding / Beliedsramt (* foech, wetlik ramt, rol PS) | : | <p>Yn 2008 hat de ICANN, in Amerikaanske organisaasje dy't oer de hiele wrâld de domeinnammen regulearret, oankundige dat it mooglik is om nije Top Level Domeinen (hjiirnei: TLD) oan te freegjen. It CDA hat dêrom yn 'e mande mei de PvdA en de ChristenUnie in amendemint d.d. 12 novimber 2008 hjiroer yntsjinne foar de begrutting 2009. Doedestiids is € 100.000,- beskikber steld út de VAR om de realisaasje fan de eigen Fryske ynternet-ekstinsje mooglik te meitsjen.</p> <p>Yn ús koälysje-akkoart 2011-2014 'Nije enerzjy foar Fryslân' hawwe wy binnen it ûnderdiel 'digitale snelwei' as ambysje opnommen dat wy in .frl-ekstinsje realisearje sille.</p> |
| Koarte gearfetting | : | <p>Provinsjale Steaten hawwe it kolleezje yn 2008 opdracht jûn ynspannings te dwaan om in eigen Frysk TLD te realisearjen.</p> <p>Op grûn fan in merkûndersyk, in businessplan en in second opinion fan de NOM ha wy twa senario's sketst foar de eksploitaasje fan in eigen .frl-ekstinsje, nammentlik in most likely scenario mei as útgongspunt in ferkeap fan 40.000 domeinnammen en in pessimistic scenario dy't fan in ferkeap fan 9.000 domeinnammen útgiet.</p> |

Yn it slimste gefal (pessimistic scenario) kostet de folsleine tarieding en eksploitaasje ús € 2,2 miljoen. Yn it meast geunstige gefal kin in súksesfolle eksploitaasje ús nei seis jier € 90.000,- opsmite. De feitlike ynvestearing sil nei alle gedachten tusken de € 0 en € 2,2 miljoen lizze.

In eigen .frl-ekstinsje hat in ûnmiskenbere ynfloed op de Fryske identiteit mei mooglik grutte maatskiplike, kulturele en sosjaal-ekonomyske effekten.

Mei dizze finansjele mooglike konsekwinsjes yn 'e efterholle, dogge wy jimme yn dit stik it útstel om in bedrach fan € 2,05 miljoen beskikber te stellen út it frij yn te setten diel fan de reserve NUON foar de eksploitaasje fan it Fryske TLD (.frl-ekstinsje) foar de kommende seis jier. Dêrneist freegje wy jimme in **garânsje** ôf te jaan fan € 2,66 miljoen dy't uterlik 12 april 2012 by de offisjele oanfraach foar in eigen .frl-ekstinsje by de ICANN yntsjinne wurde moat. Nefens ús is sa'n ynvestearing rjochtfeardige as wy sjogge nei de sosjaal-kulturele en ekonomyske ympakt dy't in eigen ekstinsje foar ús provinsje hat.

Taljochting

- : Yn dit ûnderdiel jouwe wy in taljochting op (1) it proses, (2) de útkomsten fan it businessplan, (3) ús beslútfoarming, (4) de deadline dy't de ICANN hantearret foar de offisjele oanfraach en de (5) monitoaring. Foar mear detailynformaasje ferwize wy jimme nei de taheakken.

Proses:

As gefolch fan jim amendemint hawwe wy in ûndersyk dwaan litten nei de praktyske en de finansjele helberheid fan it ferkrijen en it eksploitearjen fan in eigen TLD foar Fryslân. It ûndersyk wie in ko-produksje tusken de provinsje Fryslân, de Internet Academie, IT-Works en it SIDN (Stichting Internet Domein Registratie Nederland), de registerorganisaasje fan de .nl-ekstinsje.

Op grûn fan de positive útkomsten fan dat ûndersyk hawwe wy fierdersoan op ús gearkomste fan 9 maart 2010 besletten in ynhâldlik en finansjeel businessplan opstelle te litten. Dat plan is de basis foar de formele oanfraach by it ICANN. It businessplan mei de namme 'Verwerving en exploitatie .frl Top Level Domein', skreaun troch de Fryslân Coöperatieve Ring, is oan dit stik taheakke.

Op ús gearkomste fan 30 augustus lêstlyn ha wy it businessplan op it aljemint hân. Dêrnei hawwe wy de NOM foar in second opinion frege dy't yn opdracht fan ús in fluchhifking (quick scan) dien hat. De befinings fan de NOM mei de ynhâldlike reaksje fan de tsjinst fine jimme yn de tredde taheakke. Op 6 en 20 desimber lêstlyn hawwe wy in úteinlik beslút nommen mei de analyze fan de NOM as ekstra basis.

Wy hawwe jimme yn de tuskentiid mei in brief ynformearre oer de stân fan saken fan it proses. Dêrneist hawwe wy

jimme op 'e hichte steld oer de oprinnende kosten foar it ferkrijen en it eksploitearjen fan in eigen TLD, ûnder oaren mei in Kaderbrief 2010 en de earste BERAP 2011.

Utkomsten business plan:

Yn it foartrajekt hawwe wy trije ûnderskate senario's sketst, te witten in:

- optimistic scenario: 55.000 domeinnammen (100%)
- most likely scenario: 40.000 domeinnammen (60% à 70% fan optimistic scenario)
- pessimistic scenario: 9.000 domeinnammen (16% fan optimistic scenario)

It businessplan en de befinings fan de NOM litte yn it foarste plak sjen dat de merkpotinsje foar in eigen Frysk TLD dreech te beoardieljen is. It útgongspunt fan it businessplan is de realisaasje fan it 'most likely scenario'. It businessplan giet út fan de ferkeap fan 40.000 domeinnammen yn seis jier, wylst de NOM op in merkpotinsjeel fan 17.500 útkomt. Dat ferskil wurdt ferklearre trochdat partijen ûnderskate rekkenmodellen oanhouden hawwe.

It 'most likely scenario' giet oer in perioade fan seis jier, dy't opsplitst wurdt yn ien jier lansearring en fiif jier eksploitaasje. Dat senario is net rendearjend, mar yn it meast geunstige gefal wol revolvearjend. De folsleine ynvestearings binne ôfrûne op € 2,82 miljoen. Dat bedrach bestiet út € 157.250 tariedingskosten en € 2,66 miljoen eksploitaasjekosten. De folsleine begrutting stiet op side 22 fan it businessplan. By de offisjele oanfraach oan de ICANN moat in garânsje fan dat lêste bedrach jûn wurde.

It is net ûnmooglik dat dit senario net helle wurdt, omdat it om in ûngrypber merkpotinsjeel giet. Yn 'e praktyk soe it sa kinne dat wy útkomme op in senario dat leit yn 'e bânbreedte tusken it 'most likely scenario' en it 'pessimistic scenario', of sels op it minst geunstige 'pessimistic scenario'. As dit senario him foardocht, hâldt soks yn dat dit trajekt ús aardich wat jild kostje kin. De feitlike ynvestearring leit yn dat gefal tusken de € 0 en de € 2,2 miljoen. Dit senario giet út dat der mei-inoar gjin ynkomsten realisearre wurde troch de útjefte en it behear fan domeinnammen, mar dat der wol kosten makke wurde. It bedrach fan € 2,2 miljoen is gearstald út € 157.250,- tariedingskosten en € 2,05 miljoen eksploitaasjekosten. It ferskil mei it totale ynvestearingsbedrach is te ferklearjen trochdat minder kosten makke hoege te wurden foar de tsjinstferliening fan de eksploitaasje fan de domeinnammen, omdat yn dit senario minder domeinnammen ferkocht wurde. Omdat de ICANN in eksploitaasje fan fiif jier easket, moat by de oanfraach foar in TLD troch de provinsje in garânsje ôfjûn wurde fan € 2,66 miljoen. Dêrmei wurdt seker steld dat de eksploitaasje foar de kommende fiif jier dutsen is.

It te realisearjen ynvestearingsbedrach leit dus leger as it bedrach fan € 2,66 miljoen. It kin foar ús finansjeel slim

útpakke as it 'pessimistic scenario' yndie werklikheid wurdt.

Lykwols, op basis fan in earste eksterne merkkonsultaasje mei partijen yn binnen- en bûtenlân is de oprjochte en reële ferwachting dat út de oanbesteging in businesscase folgje kin dy't sawol wat marketing as ek wat eksploitaasje oanbelanget in nijsgjirrich en better alternatyf foarmje kin. Dêrmei kin it ynvestearringsbedrach noch earder weromfertsjinne wurde. By de oanbesteging, dêr't ferskate partijen by út-noege wurde sille, sil dêrom net allinnich nei de technysk-organisatoaryske kritearia sjoen wurde mar ek nei de eksploitaasje en de ferkeap.

In eigen Frysk TLD foar ús provinsje hat in ûnmiskembere ynfloed op de Fryske identiteit mei mooglik grutte maatskiplike, kulturele en sosjaal-ekonomyske effekten. Oan 'e iene kant foar Fryslân oer it generaal, oan 'e oare kant biedt de .frl-ekstinsje kânsen foar bedriuwen, organisaasjes, oerheden en partikulieren (ek fan bûten Fryslân) dy't Fryslân relatearre content oanbiede.

Ut in tillefoanysk merkûndersyk yn 2009 docht bliken dat ûnder de Fryske bedriuwen, organisaasjes en ynstellings 31% fan dizze partijen ferlet hat fan / niget hat oan in eigen .frl-ekstinsje. Fryslân is perfoarst net de earste en de lêste regio binnen in lân dy't wrâldwiid ûnderskiedend wêze wol mei in eigen TLD. Sykmasines sjogge ek nei de TLD's dy't brûkt wurde. Sa is it mooglik dat bedriuwen dy't in eigen .frl-ekstinsje hawwe heger komme yn de sykresultaten mei 'Friesland/Fryslân' as sykterm as bedriuwen dy't soks net hawwe. Foar mear ynformaasje hjiroer ferwize wy graach nei side 8 en 9 fan it businessplan.

In wichtige rânebetingst foar súkses is dat de priis binnen in ridlike bânbreedte sit mei de priis foar in .nl-ekstinsje. Sûksesfolle yntroduksjes fan nije TLD's kenne in bânbreedte yn retailprizen fan € 25,- à € 30,- en yn wholesailprizen fan € 20,- à € 25,- tidens de eksploitaasjeperioade.

Beslútfoarming fan it kolleezje:

Op grûn fan de krekt neamde oerweagings hawwe wy op ús gearkomste fan 6 desimber 2011 it beslút nommen om wol oer te gean ta it krijen en it eksploitearjen fan in eigen .frl-ekstinsje foar in tiidrek fan seis jier. Wy binne ús bewust dat dit trajekt ús op syn heechst € 2,2 miljoen koste kin yn it meast ûngeunstige senario. Tagelyk biedt de .frl-ekstinsje kânsen foar it bedriuwslibben, oerheden, partikulieren en organisaasjes om har digitaal produkt te ferbinen mei Fryslân.

Wy hawwe dit beslút nommen, omdat wy krekt mear gewicht jouwe oan de sosjaal-kulturele en ekonomyske mearwearde dy't in eigen TLD opsmite kin as it maksimale ynvestearringbedrach dêr't wy foar noed stean moatte. Nefens ús is sa'n ynvestearring rjochtfeardige as wy sjogge nei de sosjaal-kulturele en ekonomyske ympakt dy't in ei-

gen ekstinsje foar ús provinsje hat.

Op basis fan taheakke steatefoardracht freegje wy jimme yn it foarste plak it maksimale ynvestearringsbedrach fan € 2,05 miljoen beskikber te stellen út it frij yn te setten diel fan de reserve NUON en yn it twadde plak de taheakke begruttingswiziging fêst te stellen.

Yn it Utfieringsprogramma is dit projekt opnommen yn de list fan projekten dy't finansjerd wurde út it frij yn te setten diel fan de reserve NUON. De ynvestearring hat gjin (finanseele) rendearjend, mar wol in mooglik revolvearjend karakter. De mooglike ynkkomsten dy't yn it ramt fan de eksploitaasje fan it .frl Top Level Domein realisearre wurde sille nei ús weromkomme en wer taheakke wurde oan de reserve NUON.

As eintsjebeslút freegje wy jimme yn te stimmen mei de ôfjefte fan de easke garânsje ad. € 2,66 miljoen oan de ICANN by it yntsjinjen fan de formele oanfraach foar in eigen Frysk TLD.

Deadline:

Yn juny 2011 hat it ICANN it nije ramt fêststeld foar oanfragen fan nije domeinen. Dizze oanfragen kinne yn de perioade 12 jannewaris - 12 april 2012 yntsjinne wurde.

Dit hâldt foar ús yn dat ús oanfraach foar in eigen .frl-ekstinsje uterlik 12 april 2012 by de ICANN yntsjinne wêze moat. Wy wolle jimme dêrom mei klam freegje om in beslút oer dit foarstel sa gau as mooglik, mar yn alle gefallen foar 12 april 2012, te nimmen.

It ICANN hat as betingst steld dat wy by de oanfraach ek in útfieringspartij foardrage moatte dy't yn opdracht fan ús de registryfunksje (it behear, de útjefte en de promoasje) fan de .frl-ekstinsje docht. Fanwege de Europeeske oanbestegingsregels en de krappe deadline binne wy ûnderwilens mei de oanbestegingsproseduere úteinset. Wy hawwe yn de bestegingsopdracht in klausule opnommen dat per direkt mei it oanbestegingsproses opholden wurdt as jimme negatyf oer de realisaasje fan in Frysk TLD beslute. Koartsein, wy sille de oanbesteging op koarte termyn publisearje ûnder it foarbehâld dat as jimme gjin jild beskikber stelle de opdracht net gund wurde sil.

Tagelyk mei it oanbestegingstrajekt hawwe wy de tsjinst wol opdracht jûn de formele oanfraach fierder ta te rieden. It klearmeitsjen fan de definitive oanfraach nimt in hiel soad tiid yn beslach; wy moatte oer in breed skala oan ûnderwerpen detaillearre ynformaasje jaan yn in oanfraachdokumint dat mear as 300 siden omfiemet.

Monitoaring:

Wy wolle jimme nei positive beslútfarming de kommende seis jier alle jierren ienris yn it jier rapportearje oer de be-

helle resultaten. Op side 19 fan it businessplan fine jimme in oersjoch fan de te ferwachtsjen sprieding fan de registraasje fan de .frl-ekstinsje oer fiif jier neffens it 'most likely scenario' en it 'pessimistic scenario'.

Ljouwert,
Deputearre Steaten fan Fryslân,

J.A. Jorritsma , foarsitter

A.J. van den Berg , siktaris

BESLÚT NR. :

PROVINSJALE STEATEN fan FRYSLÂN

Nei it lêzen fan it útstel fan Deputearre Steaten fan Fryslân fan 20 desimber 2011 , nr.

Oerwagende dat : wy útfiering jûn hawwe oan it amendemint fan it CDA (dat stipe is troch de PvdA en de ChristenUnie) op de begrutting fan 2009, d.d. 12 novimber 2008;

in eigen Frysk Top Level Domein (.frl-ekstinsje) in grutte sosjaal-kulturele en ekonomyske mearwearde foar Fryslân hat;

de merkpotinsje foar in eigen Frysk Top Level Domein dreech te beoardieljen is;

no it momint is om ús yn te skriuwen foar in eigen Frysk Top Level Domein en it dêrnei jierren duorje kin foardat der wer in nije mooglikheid is om in oanfraach te dwaan by de ICANN;

it businessplan 'Verwerving en exploitatie .frl Top Level Domein' sjen lit dat de eksploitaasje fan in eigen Top Level Domein oer in tiidrek fan seis jier op syn geunstichst revolvearjend, mar eins net rendearjend is;

de feitlike ynvestearring nei alle gedachten tusken de € 0 en de € 2,2 miljoen lizze sil.

Beslute : in bedrach fan € 2,05 miljoen beskikber te stellen út it frij yn te setten diel fan de reserve NUON foar de eksploitaasje fan in Fryske Top Level Domein (.frl-ekstinsje);

de taheakke begruttingswiziging fêst te stellen;

yn te stimmen mei de ôfjefte fan in garânsje fan € 2,66 miljoen oan de ICANN by it yntsjinjen fan de formele oanfraach foar in Frysk Top Level Domein (.frl-ekstinsje).

Sa fêststeld troch Provinsjale Steaten
Fan Fryslân yn harren iepenbiere gearkomste fan ,

, foarsitter

, griffier